## It Bestjoer

Ponghâlder:
A. Wester-Muller
Scheiberglaan 316
1974 SG  IJmuiden till. 0255-510575

Skriuwster:
T.L. Rijpkema-van Malsen
Grootschermerweg 8
1843 HE  Groot-Schermer till. 0299-671170

2e Foarsitter en 2e ponghâlder:
L. Pen-Berkenpas
Lorentzplein 12
2012 HG  Haarlim till. 06-21512999

2e Skriuwer en ledeadministraasje:
P. Heijblok
Oosteinderweg 40
1981 AP Velsen-Zuid till. 0255-517089

Mutaasjes oer opsizzen fan it lidmaatskip (foar 1 maaie) en adresferoarings skriftlik of telefoanysk rjochtsje oan:
P. Heijblok (lede-administraasje).

Bankrekken nr. NL 30RABO 0373500149 op namme fan:
Penningmeester  Fries Gezelschap Gysbert Japicx Haarlem

Kritebl\u00eaed: Redaksjeadres: Grootschermerweg 8
1843 HE Groot-Schermer

E-mail: kritehaarlem@hotmail.com



**Fan de (2de-) foarsitter,**
Yn it lêste kritekrantsje hat Rennie oanjûn dat har sûnens it net mear talit om noch langer as foarsitter oan te bliuwen. Dat û.o. hat der ta laat dat wy yn de Algemiene ledegearkomste fan 20 maart 2016 Rennie beneamd hawwe ta earelid fan Gysbert Japicx. Wy binne bliid en tankber dat wy dat op dat momint dien hawwe.
Boppedat die Rennie in oprop foar in nij bestjoerslid. Gelokkich hat de hear Wietze Hiemstra him ree ferklearre en rin de kommende tiid yn it bestjoer mei as adspirant-bestjoerslid.
Njonkelytsen is Rennie ta ús grut fertriet op 3 juny 2016 stoarn. De begraffenis wie op woansdei 8 juny. By de ôfskiedstsjinst yn de Immanuelkerk yn Haarlim hat Anny Wester út namme fan it bestjoer ús grutte wurdearring útsprutsen foar de jierrenlange ynset fan Rennie foar Gysbert Japicx.
Ut namme fan It Frysk Boun om Utens hat foarsitter Hâns Dijk yn waarme en treffende wurden ferhelle oer de betsjutting fan Rennie foar de Fryske taal en kultuer yn ûnderskate funksjes troch de jierren hinne hân hat..
En last but not least hat ús âldfoarsitter, Ale Buma, syn gefoelens en oantinkens oan de gearwurking mei Rennie ferwurde. Gâns jierren wienen hja haadrolspilers yn ûnderskate toanielstikken en doe’t der gjin toanielploech mear wie, foarmen hja tegearre it duo RABB mei in licht literêr muzikaal program.
Sawol fan Anny as fan Ale is de kearn fan harren taspraken fierder yn dit blêd werjûn. Wol yn it Hollânsk om’t harren taspraken yn ‘e tsjerke (fanwegen de protte net-Fryske oanwêzigen) ek yn it Hollânsk wienen.
De realiteit fan dit momint is wol dat wy as krite fierder moatte. It foel net ta om ynfolling foar de earste jûn te finen, mar gelokkich binne wy der yn slagge en boek in tige bekend en folle sealen lûkend selskip út Fryslân. It is Muziekgroep THC Oostergoo dy’t mei sang en muzyk fan lûkpûde, akkordeon, gitaar en djembee in tige fariearre program del wit te setten.
Sadwaande, folop reden om wer fan de partij te wêzen, tinkt my.
Mei kritegroetnis, Loes Pen-Berkenpas, 2e foarsitter

**In memoriam Rennie Visser -Bijlsma**

Rennie is van onschatbare betekenis geweest voor onze Fryske Krite. Dat begon met haar passie voor toneelspel. Al op vrij jonge leeftijd speelde Rennie een belangrijke rol in toneeluitvoeringen van onze Krite, meestal de vrouwelijke hoofdrol.

Mede daardoor werd onze toneelploeg door tal van Friese verenigingen uitgenodigd om voor hun Krite-avonden op te treden. Dat bood onze Krite op haar beurt de mogelijkheid om andere toneelploegen voor onze leden te laten optreden.
Aan haar optredens met Ale Buma geeft laatstgenoemde de welverdiende aandacht in zijn bijdrage hierna in dit blad.

Sinds 1994 maakte Rennie deel uit van het bestuur en na het aftreden van Ale Buma per eind 2000 is Rennie door ons bestuur gekozen tot zijn opvolgster.
Ook in die functie heeft ze zich met de haar kenmerkende grote inzet waardevol gemaakt voor Gysbert Japicx. Rennie had haar zaken prima voor elkaar. Niets ontkwam haar en overal had ze aandacht voor.
Die eigenschappen kwamen haar goed van pas als regisseuse van de Krîte Bodegraven in 2013 en 2014.

Mede door haar veelvuldige contacten met andere Friese Verenigingen werd Rennie gekozen tot lid van het Hoofdbestuur van het Frysk Boun om Utens, een overkoepelend orgaan van een 18-tal Friese Verenigingen buiten Friesland. Ook in die rol heeft ze een uitstekende bijdrage geleverd aan het bewaren en uitdragen van de Friese taal, cultuur en geschiedenis.
U begrijpt dat iemand die zoveel voor het behoud van de Friese taal en cultuur betekende, node gemist kan worden. Groot was dan ook de schok voor ons allen dat Rennie, die jonge en dynamische vrouw, die niet rookte en geen alcohol dronk, ineens de boodschap kreeg ernstig ziek te zijn.

Een paar maanden geleden gaf Rennie aan het voorzitterschap van onze Krite noodzakelijkerwijs te moeten beëindigen. Dat heeft er toe geleid dat wij in de Algemene Ledenvergadering van 19 maart 2016 Rennie hebben benoemd tot erelid van Gysbert Japicx. Wij zijn blij en dankbaar dat we dit tijdig hebben gedaan.



**Oare kritejûnen fan Gysbert Japicx**

| | | |
|---|---|---|
| Sneon | 14 jannewaris 2017 | Kritejûn |
| Sneon | 11 maart 2017 | Kritejûn, jiergearkomste |

**Jûnen oare kriten Diel 1**

| | | |
|---|---|---|
| Den Helder | 11 november 2016 | Wiltsje fan Peasens |
| Hoarn | 29 oktober 2016 | "Klún en Knoffelhakke" teaterduo út Hattum |



**Frysk bakkersguod**

By Tonia Rijpkema kinne jo in bestelling opjaan foar Frysk bakkersguod.
De prizen dêrfoar binne(ûnder foarbehâld):

| | |
|---|---|
| Lytse sûkerbôlen | € 2,00 |
| Grutte sûkerbôlen | € 3,90 |
| Lytse oranjekoeken | € 5,00 |
| Grutte oranjekoeken | € 6,50 / € 10,00 |
| Dúmkes | € 2,50 |

Graach jo bestelling opjaan foar freed 28 oktober 2016.
Till. 0299-671170 (tusken 18.00-19.00 oere).

**Efkes foarstelle.**

Myn namme is Wietze Hiemstra, 65 jier lyn berne yn in grutte húshâlding, opwoeksen yn De Himrik / Wynjewald by Drachten.
Nei de legere skoalle yn it doarp De Himrik, haw ik mei súkses de LTS en UTS dien.
Om’t der yn 'e santiger jierren, net folle wurk te krijen wie in Fryslân, bin ik 20 jier âld, mei twa klasgenoaten, by de PTT yn Haarlim oan it wurk gien.

Wilens troud mei Maaike. Wy krigen fjouwer bern, twa jongens en twa famkes. En no útwreide mei twa skoansoannen en ien skoandochter en fjouwer bernsbern.

Nei acht jier wurkjen by de PTT, bin ik begûn oan in baan by de Lofthaven Schiphol, yn ferskate funksjes. Ik haw der no 37 jier wurke en nim ôfskie oan ‘e ein fan dit jier.

Ik bin skathâlder fan in scouting club en doch oan tennis en sportfytsen.

De earste jierren yn Haarlim wienen wy net sa bekend mei de Frysk Krite, letter binne wy, troch buorlju en freonen, by ferskate optredens west yn it stedsteater. En no alwer sa'n 15 jier lid en besykje wy de Krite jûnen.

Ik haw mysels beskikber steld foar it bestjoer fan de Frysk Krite omdat dêr gjin oare persoanen wienen foar de funksje en ik, nei myn pensjoen, mear tiid haw. Hoewol ik gjin ûnderfining ha yn it kulturele fjild, hoopje ik by te dragen oan it riden en farren fan de Krite en dat wy noch in soad moaie Kritejûnen belibje meie.

Mei in hertlike groetnis en oant sjen op de Kritejûnen,

Wietze Hiemstra



Ik wil uit naam van het voltallige bestuur en leden mijn oprechte dank betuigen voor alles wat Rennie binnen de Fryske Krite Gysbert Japicx heeft betekend.

Wij zullen haar deskundige en altijd attente inbreng node missen. Vergeten zullen we haar niet!

Anny Wester

**In dierbare herinnering**

Op 3 juni 2016 overleed mijn toneelmaatje en onze vriendin Rennie Visser-Bijlsma aan de gevolgen van de kanker, welke in juli 2015 bij haar werd geconstateerd. Nooit ziek, heel actief en volop in het leven staand en dan dit.
In- en intrieste levenseinde op veel te jonge leeftijd.
Ik leerde Rennie en Eise kennen op een novemberavond in 1983 van onze vereniging “Gysbert Japicx”, alwaar ik hen in mijn hoedanigheid van bestuurslid(belast met toneelzaken) en lid van de toneelploeg welkom heette.
Kort daarop trad Rennie toe tot onze toneelploeg en tot de opheffing daarvan heeft zij diverse rollen van zeer uiteenlopende aard en karakter gespeeld.
Daaruit bleek al snel dat wij een talentje in huis hadden gekregen.
Hoogtepunten waren 7 rollen in een oorspronkelijk Engels stuk, DE EETKAMER geheten, en de rol van Nora in het gelijkluidende toneelstuk van Henrik Ibsen.
Een enorme rol, zowel emotioneel als tekstueel en buiten één enkele scène is NORA doorlopend op het toneel aanwezig. Het werd een glansrol (nadien vertrouwde zij mij toe: “nu kan ik alles aan” ) en wij speelden het ruim 20 keer voor zusterverenigingen in den lande.
Zij won diverse prijzen in de landelijke Fryske toneelcompetitie, waaronder de1$^{e}$ prijs voor de rollen in de twee genoemde stukken.
Na de opheffing van onze toneelploeg, wegens een tekort aan mannelijke deelnemers, kreeg ik in 2000 toch weer de toneelkriebels toen ik vernam dat de Engelse eenakter “Dinner for One” in het Frysk was vertaald.

Met deze eenakter als basis bouwden Rennie en ik een avondvullend programma op van voordrachten, sketches en liedjes met alles erop en eraan: bijpassende kleding in de sketches (weer een sterk punt van Rennie), attributen, geluidsapparatuur; het paste allemaal net in de auto.
Zo hebben wij in 6 jaar tijd 3 van dergelijke programma's gemaakt, bestaande uit in totaal 69 losse nummers en liedjes en 2 eenakters en zijn daarmee ongeveer 80 keer opgetreden; ook een aantal keren in Fryslân.

Daarna stopten wij met optreden in de Fryske taal en schakelden 2 jaar later over naar een Nederlandstalig programma, waarbij Rennie de voordrachten voor haar rekening nam en ik de liedjes; 30 keer opgetreden, o.a. ook weer in Fryslân.
Alle optredens waren stuk voor stuk een feestje voor ons; wij waren gelijkgestemde zielen, die elkaar feilloos aanvoelden en dat gevoel probeerden over te brengen op ons publiek. Op enkele uitzonderingen na hadden wij over succes niet te klagen.

Naast deze liefhebberij/passie van Rennie en mij, waar onze wederhelften volledig achterstonden, vormden wij met mijn vrouw Janke en Eise al vrij snel een vriendenpaar, waar wij allen onvergetelijke  herinneringen aan bewaren.
Het voert te ver om alle activiteiten te vermelden, dus hier ook weer enkele hoogtepunten: in 1993 toerden wij met een camper 4 weken door West-Amerika, in 1995 deden wij zulks door Canada en wij huurden 2 x een decadent grote kruiser en voeren door Friesland en Overijssel.
Terug naar vorig jaar: Rennie en ik hadden besloten een nieuw programma samen te stellen; ik zocht 16 mooie liedjes uit en las teksten teneinde voor Rennie een voorselectie te maken.
Tot onze grote ontzetting kwam echter de totaal onverwachte tijding van haar fatale ziekte. Sindsdien heb ik ter afleiding, verstrooiing en ondersteuning vele uren bij haar doorgebracht, waarbij wij onder andere vele dierbare herinneringen hebben opgehaald.
Ik heb groot respect voor de wijze waarop Rennie zich tijdens haar ziekte heeft gehouden.
En dat respect geldt zeker ook voor onze vriend  Eise.
Ik mis haar, wij missen haar en dat gemis zal blijvend zijn.

Ale Buma



**Namdicht Gysbert Japiks, Boalsert.**

Gysbert syn hûs is widze fan syn rom
Yn it skaad fan riedhûs en Sint Marten berne,
Sil hy opnij d' Aldfryske sprake kenne,
Byldhoud troch him foar hof en hillichdom.

En klinkt syn taal no minder freed en from,
Rjemme ta bûter hat dyn arbeid tsjerne.
Tankber wol 't Friezenfolk syn keunst erkenne,
Ja, soarch dat no ús taal bloeit as in blom.

Al is ús wurk net mear as rymlerije,
Panwurk neist syn paleis fan poëzije,
In blyk fan tank oan Gysbert is ús skreppen.

Kinn' wy in monumint foar 't Frysk net skeppe,
Stees bliuw'ús help en ried op 't skriuwersmêd:
Brûk Frysk as Gysbert, soan fan dizze stêd.

Klaas Bruinsma
(oernommen út skoarkalinder 2006)



**Koart ferslach fan de jiergearkomste op 19 maart 2016**

Foar it earst de jiergearkomste gelyk mei de lêste kritejûn.
De ponghâlder iepenet de gearkomste i.f.m. slimme sykte fan de foarsitter.

De oantekeningen fan de jiergearkomste fan 2015 en it ferslach fan de skriuwster oer it jier 2015 wurde foarlêzen troch de skriuwster. De oantekeningen en it ferslach wurde goedkard troch de gearkomste en ûndertekene troch de foarsitter.

It ferslach fan de ponghâlder oer it jier 2015. De stikken lizze by de leden op ‘e tafel. De ponghâlder jout útlis, in pear leden hawwe wat te freegjen,

Dan folget it ferslach fan de rekkenopnimmers, de hear Hiemstra en de hear Buma. De ponghâlder hat de saken goed foarinoar. De gearkomste kin de ponghâlder ûntheffe fan ’e noed. Nije rekkenopnimmers: De hearen Buma en Bosch en reserve rekkenopnimmer Mefr. Zwaagstra.

Bestjoersferkiezing. Tuskentiids ôfgean fan ús foarsitter Rennie Visser-Bijlsma. It bestjoer stelt út om har foar te dragen foar earelid fan krite Gysbert Japicx. Alle oanwêzigen stimden ta en hja is dan ek beneamd ta earelid.
Oan bar fan ôfgean binne mefr. L.Pen-Berkenpas en mefr. T.Rijpkema-van Malsen, dy’t harren wer beskikber steld hawwe.Der binne gjin tsjinkandidaten. Mefr. Pen en mefr. Rijpkema wurde op ’e nij ynhierd foar wer in nij bestjoerstiidrek.
Nei it beänderjen fan de fragen út it omfreegjen slút de ponghâlder de gearkomste en winsket eltsenien in noflike jûn mei it

**Duo Myla.**

Tonia Rijpkema, skriuwster



**Kontribúsje**

Ek dit jier bliuwt de kontribúsje € 9,10 de persoan.

Jo kinne soks betelje mei de ynsletten akseptgiro of fansels ek op de jo wenstige manier.
Op 5 novimber oan de doar is ek altyd goed.

Binne jo dat allegearre ferjitten,dan yn alle gefallen foar 15 desimber.
It fere ieningslibben rint fan oktober oant maaie mar de boekhâlding rint fan jannewaris oant en mei desimber.

De ledekaarten binne dit jier grien.

As jo op de jiergearkomste it finansjeel ferslach sjoen hawwe dan witte jo dat alle ekstra’s  yn de boekhâlding by “giften”  boekt wurde.
Alle leden dy dus wat mear betelje as de kontribúsje wol ik dan ek tige tank sizze.

Wy probearje de krite finansjeel sûn te hâlden mar alles wurdt djoerder.
Sa hawwe wy yn it bestjoer beslute moatten dat de yntree fan € 2,00 nei € 3,50 giet.
Foar net leden wurdt dan de yntree € 10,00.
Dat om’t de sealhier gâns heger wurden is.

Noflike jûnen tawinske yn dit winterskoft.

Anny Wester, ponghâlder

**SNEON 5 novimber 2016**
De jûns om 20.00 oere yn it:

**Stedelijk Gymnasium**
**Jacobijnestraat 24**
**2011 TH Haarlem**

De jûn wurdt fersoarge troch:

**TREKHARMONICA CLUB "OOSTERGOO"**

Dit is de twade kear dat hja bij ús komme.
Ut oantekeningen fan ús âld foarsitter docht bliken dat it doe in prachtige jûn wie:
"Club "Oostergoo". It wie in moaie en tige slagge jûn. Der waard prachtich songen en spile. De minsken yn 'e seal koenen sa út en troch ek meisjonge.
De lieder fan de klub wie in smoute prater en mei hjir en dêr in kwinkslach soarge hy foar in gesellige sfear."

Yn de jierren tachtich begûn yn Grou Tom Lawerman op it lûkoargel te spyljen.
Hy makke yn de neiste omkriten de minsken sa entûsjast dat der al gau in lûkoargelgroepke ûntstie. Hja krigen in bysûndere repetysjeromte: Hotel Oostergoo yn Grou.
Yn de rin fan de jierren waard yn it winterskoft op snein yn Hotel Oostergoo repetearre. Se kamen rûnom wei om te sjen en te genietsjen fan de muzyk.





**Gearstalling:**

| | |
|---|---|
| artistyk lieder | |
| Thom Scherjon | lûkoargel, sang |
| | |
| muzikaal lieder | lûkoargel, djembee, sang |
| Rein Mebius | |
| | |
| Greetje Scherjon | lûkoargel |
| Baukje Brouwer | akkordeon |
| Mien Bosma | lûkoargel, sang |
| Hinke Lotens | lûkoargel, sang |
| Hanneke Wessels | lûkoargel, sang |
| Trudy de Jong | lûkoargel |
| Janny Castelein | lûkoargel, sang |
| Annie Postma | lûkoargel, sang |
| Bert Wijbenga | lûkoargel, gitaar, sang |
| Ineke Mebius | lûd |



Yn it skoft sille der wer lotten ferkocht wurde.

Foar leden is de tagong € 3.50 op fertoan fan de jildige ledekaart.
Tagongspriis net-leden € 10.00.
Lidmaatskip € 9.10 per persoan it jier.